

Paviljoen De Leyen

Paviljoen de Leyen
écht meer!!!

~ Paviljoen De Leyen

Paviljoen De Leyen is in horeca-gelegenheid oan De Leien by Rottefalle.

It Paviljoen hat in histoarje dy't yn it jier 1933 begjint en de webside fan Paviljoen De Leyen jout in moai oersicht fan dy histoarje oan't no ta.

Paviljoen De Leyen biedt in breed palet oan mooglikheden foar minsken dy't yndividueel of yn groepsferbân in lokaasje sykje om noflik en smaaklik ferwend te wurden. Sa hat Paviljoen De Leyen in bysûnder menu mei streekeigen produkten en yngrediënten.

~ It plak fan Paviljoen De Leyen

It Paviljoen De Leyen leit oan de eastkant fan de mar dy't tsjintwurdich De Leien hyt.

De namme fan it Paviljoen lit al sjen dat der yn it ferline mear nammen foar dizze mar brûkt binne, sa as De Leyen, De Leijen, en no De Leien.

De Leien leit, rekkene fanút it easten en mei de klok mei tusken de doarpen Rottefalle, De Pein, De Tike en Eastermar.

Dizze mar is as gefolch fan de ferfeaning ûntstien.

Foar dy ferfeaning koe men rinnendewei rjochtút fan Eastermar nei De Pein rinne.

It winnen fan turf mei de Gieterske metoade soarge der foar dat der brede banen wetter ûntstienen dy't troch setwallen faninoar skieden wienen.

Trochdat de setwallen te smel oanhâlden waarden, rekken se troch golfslach en by stoarmwaar ûndermine en waard úteinlik út it feanlân in grut, mar ûndjip wetter.

De Leien mei in grut part fan syn ouwers en bûtlannen is no in natoerreservaat en ûnderdiel fan de Ekologyske Haadstruktoer (EHS).

Dêrneist is op en rûn De Leien de rekreaasje fan grut belang.

Al sûnt 1933 is it Paviljoen dêrom in begrip foar elkenien út Rottefalle, mar ek út de fiere omkriten om efkes oan te stekken, te fergaderjen of in feest te fieren en foar elts dy't hjir rekre-earret of yn De Wâlden ûnderweis is.

~ Paviljoen De Leyen is Bysûnder

It nije Paviljoen is yn 2010 bout en it gebou is op himsels al wat bysûnders: in leech trochrinnend gersdak op'e lânkant en in grut iepen finster op'e mar.

Der binne hjir mooglikheden foar deirekreaasje en ferbliuwsrekreaasje en yn beide gefallen kin men genietsje fan de natoer.

Alle mooglikheden dy't Paviljoen De Leyen biedt kin men it bêste besjen op de webside <<http://www.deleyen.nl/>> of oerlizze mei de direksje.

De Grinspôle, it eardere natoerkampearterrein fan Staatsbosbehear, is omfoarme ta in edukatyf en rekreatief plukbosk.

Mirjam Frieswijk fan IVN De Wâlden jout yn gearwurking mei de kok fan it Paviljoen De Leyen geregeldwei workshops mei as tema 'ytbare gewaaksen út de natoer'.

Dêrfoar binne der beien en nûten dragende planten sa as Hagedoorn, Hazzenút, Reade- en Swarte bei en Swiete kears en Walnút plante.

Mei de fruchten fan dizze soarten en mei de wylde krûden fan De Grinspôle makket de kok fan it Paviljoen nijsgjirrige gerjochten.

Paviljoen De Leyen makket dêrneist foaral fan it krûd Skieppegerf (Duizendblad) bysûndere gerjochten.

Op de wat skralere groeiplakken komt dit krûd yn De Wâlden massaal foar.

Dit krûd is ien fan de spesjaliteiten fan Paviljoen De Leyen wurden en it wurdt foar dit doel spesiaal foar harren kweekt troch Natuurtuin It Hummelhûs yn Âldehoarne.

Neist de gewoane wylde Skieppegerf út De Wâlden kweekt Natuurtuin It Hummelhûs foar it Paviljoen ek **Achillea millefolium 'Belle Epoque'**, in seleksje fan Brian Kabbes fan Kwekerij Kabbes út Sumar dat op'e oare kant fan De Leien leit.

Dit ras fan de Skieppegerf, '**Belle Epoque**', is sadwaande in oarspronklik kweekprodukt út De Wâlden.

De bysûndere lokaasje, it bysûndere gebou, de ferbining mei it doarp en de streek, de ynset fan de direksje foar doarp en streek, de brede oriëntaasje fan it bedriuw en mei nammen it brûken fan streekeigen produkten en yngrediënten binne oanlieding om dit bedriuw yn oanmerking komme te litten foar it Streekkarmerk Wâldpyk.

Paviljoen de Leyen
Bildreed 3
9221 SJ Rottevalle
05 12-34 11 20
06-12 24 77 75
info@deleyen.nl

Wâldpyk | Jan J. de Boer | 20 april 2016



Kwaliteit út De Friese Wouden

Achillea millefolium 'Belle Epoque'



Achillea millefolium 'Belle Epoque'

Zachtrood, verbloeiend naar oudroze, steriel,
snijbloem, vlinderplant.





Kwaliteit uit De Friese Wouden